

Sjueryrapport foar de Rink van der Veldepriis 2008

Achte oanwêzigen,

As je, lykas alle trije leden fan dizze sjuery, foar it earst frege wurde in sit te nimmen yn in sjuery foar it takennen fan in literêre priis - yn dit gefal de Rink van der Veldepriis - witte je noch net wat je te wachtsjen stiet. Je fine it in eare en je tinke: “Prachtich, in stikmannich boeken lêze en dy beoardiele, wat is er moaier as je fan lêzen en fan it wurk fan Rink van der Velde hâlde?”

Mar it earste probleem kaam al op ‘t aljemint noch foardat wy ek mar ien boek lêzen hiene. De priis blykt ornearre te wêzen foar proaza dat skreaun is yn de geast fan Rink van der Velde, literêr en gaadlik foar in breed lêzerspublyk.

Dat koe wolris dreech wurde, tink je dan, want allinne oer it begryp literêr binne de ‘gelearden’, lykas literatuerwittenskippers, resinsinten, útjouwers en harren redakteuren, ensfh., it al net iens: moat in boek perfoarst fernijend wêze of kin in tradisjoneel ferhaal ek literêr wêze? is in wurk pas literêr as it kompleks is, mar tagelyk in strukturele ienheid? Is in wurk pas literêr as de personaazjes kompleks binne en in ûntjouwing sjen litte? en sa soene je noch wol even trochgean kinne. Dêrby soe dat literêre wurk dan ek nochris gaadlik wêze moatte foar in breed publyk. Foar guon fan dyselde ‘gelearden’ is dy kombinaasje op himsels al tsjinstridich en dus folslein ûnmooglik.

Hawar, foar Rink van der Velde wie it net ûnmooglik en skriuw wurk dat tagelyk literêr is en dochs foar in grut publyk de muoite wurdich. In soad minsken – en dêr binne genôch fan dy earder neamde gelearden by – beskôgje in grut part fan syn proaza sûnder mis as literêr, sa as út in sitaat fan Tineke Steenmeijer-Wielenga yn *Mozayk fan in libben* bliken docht. Sy skriuwt [en ik sitearje]: “In fiks part fan syn langer proaza en guon fan syn ferhalen meie sûnder mis ta de literatuer rekkene wurde, omdat se wat hiel eigens hawwe, moai fan opbou en goed skreaun binne en der in gea en in tiid foar jin opriist.”[einde sitaat]. Likegoed wie der in protte wurdearring foar dat literêre wurk by in grutte groep minsken. In terjochte betingst dus fan de ynstellers fan de priis. Je moatte je der as sjuery mar mei rêde, lykas mei de fraach wat dy geast fan Van der Velde syn wurk no krekt is. Op dy fraach kom ik letter noch werom, want wy gongen earst oan de slach!

Op dat stuit die him in twadde probleem foar: Van der Velde beoefene in hiel soad sjenres en dus moasten net allinne romans, mar ek nouvelles, ferhalebondels, bondels mei essays of

alderhande koarte stikjes, ensfh., beoardiele wurde. Dat like guon tiden op it fergelykjen fan apels en parren. Mar, wy hawwe it allegearre meinaam en allinne wurk yn de sjenres dy't Van der Velde noait brûkt hat, hawwe wy lizze litten. Dat jildt fansels ek foar de boeken fan skriuwers dy't sels net meidwaan woene en foar it wurk fan de eardere winners Koos Tiemersma en Harmen Wind. It betsjutte úteinlik in lytse 40 boeken, wêrûnder 10 ferhalebondels.

Geandewei kaam er noch in tredde probleem nei foaren: boeken komme ornaris net moai regelmjittich út, mar mei meardere tagelyk en altyd as je eins gjin tiid hawwe se te lêzen. De steapel waard soms benearjend grut. Mar ach, dêr wiene de fakânsjes dan wêr goed foar. En, lit dêr gjin misferstân oer bestean, dat wie faker in lust as in lêst. It grutste part fan de boeken, oarspronklik wurk en skreaun yn it Frysk en it Stellingwerfs, hawwe wy mei in soad nocht lêzen.

Der wie in ferskaat oan ûnderwerpen en skriuwstilen; guon boeken ferrasten ús fuortendaliks, by oaren wie it efkes trochbite, mar dan kaam letter dy ferrassing of dy wurdearring. Wy ha ús meislepe litten, wiene fernúvere, wiene oandien, ha lake. Wy stapten fan de iene yn de oare wrâld. Wol faak yn de wrâld fan: "Wa bist en wêr komst wei?", want mar leafst 12 boeken binne hjir op ien of oare wize mei anneks.

De kwaliteit wie ek nochal wikseljend: soms dúdlik net literêr, soms sa persoanlik dat it net mear nijsgjirrich foar oaren is, soms mei tapassing fan hiel bysûndere literêre prosedees, mar dan wer net sa gaadlik foar in breed publyk. Alleast yn de eagen fan de sjuery, want wy hiene ússels oplein en lês gjin resinsjes fan boeken dy't meidiene foar de priis en freegje net oan oaren wat se fan in boek fûnen.

Dat bringt my by de lêste faze, it beoardieljen. Wy hawwe praat en diskusjearre; wy wiene it iens en ek wer net iens; wy wrakselen mei it spesifike fan de priis: yn de geast fan Rink van der Velde, literêr en foar in breed lêzerspublyk. Op in stuit wiene wy der op ien punt wol út: kwaliteit jout de trochslach, mar 'yn de geast fan it wurk fan Rink' soe ek in wichtich kritearium bliuwe moatte. Mar wat is dan krekt it eigene fan dat wurk? Wy liezen op 'e nij Van der Velde-boeken om de geast fan Rink te finen.

Wy kamen út by eleminten as: in ferteller, dy't ticht by de minsken stiet en de lêzer meinimt, dy't byldzjend skriuwt oer gea en it streekeigene, dy't de sfear fan oare tiden skildert mei in taal dy't net oerdreaun literêr is of oerdreaun geef Frysk, dy't de eftergrûn fan libbens en aventoeren taljochtet troch it tuskenfoegjen fan oantinkens en flash-backs.

Mei dizze eleminten yn de holle, kamen wy ta in kar fan 8 wurken dy't der foar ús útsprongen as it giet om literêre kwaliteit en de oare betingsten fan dizze priis. 8 Wurken dy't we nochris op 'e nij tsjin it ljocht hâlden om ta in definitive kar te kommen. Uteinlik kamen wy út by twa winners. Beide boeken fûnen wy lykweardich. Mar der is mar ien priis. Wy wiene der mei oantangele, sa ticht by elkoar. It iene boek miskien krekt wat better te beflappen ûnder de spesifike betingsten as it oare. Sa kamen wy ta ien fan de twa.

It lân leit der no oars hinne, omdat ien fan dy potinsjele winners te kennen joech dat er de priis net akseptearje soe. Mar it mei dúdlik wêze út it foargeande dat de beslissing foar de winner net dreech wie. Ut folle oertsjûging kenne wy dizze priis ta.

It boek fan de winnende skriuwer is in boek oer de natoer en de rol fan it wetter, oer de kjeld fan de winter en de waarmte fan de simmer, oer djipte- en hichtepunten yn it jier, oer fleur en faasje fan, mar ek ferwûndering en fragen oer it libben, oer kattedwea en kwetsberens. In boek yn stikken en lagen, dat troch in moaie, heldere komposysje dochs in ienheid foarmet. In psychologysk sterk boek mei in eigen lûd, dat alle sintugen fan de lêzer prikelet yn it lûd fan de stilte by pake en beppe, it priuwen fan slikkoekjes en nassy út blik, it sjen nei de earkrûpers yn pake syn daljes, it rûken fan farsk meand gers en it missen fan it elkoar oanreitsjen.

It winnende boek jout in prachtich tiidsbyld fan in boerehúshâlding yn de jierren fyftich fan de foarige ieuw sa't dat troch in opgroeïend famke belibbe wurdt. Boppe wetter kommen brieven jouwe dêr noch in ekstra diminsje oan.

Dat winnende boek is *Sitebuorren, myn eigen paradys* fan Auck Peanstra.